

# De twa roeken

oersetting fan Klaas Bruinsma fan in skotske ballade  
útbrocht op de LP/CD Frustraasjebloes

wylst ik allinne gyng myn paad  
heard' ik twa roeken oan 'e praat  
de iene tsjin de oare sei:  
wêr helje wy ús miel hjoed wei  
wêr helje wy ús miel hjoed wei

Dm	C	Dm	
Dm	C	Dm	
F	Gm		
Dm	C	Dm	Am
Dm	C	Dm	

dêr oan 'e griene dyk yn't gea  
dêr leit sûnt koart in ridder dea  
en nimmen wit dat hy dêr leit  
inkeld syn houk, syn hûn, syn breid (2x)

syn houk fangt fûgels as syn bút  
syn hûn is om de hazzen út  
syn breid hat immen oars ta diel  
sa ha wy jûn in skoander miel (2x)

syn wite hals is dy ta bút  
ik pik syn blauwe eagen út  
in lokke fan syn gouden hier  
is foar ús nêst in tek en sier (2x)

om him lit mannich minsk' in trien  
mar wêr't er is, dat wit gjinien  
syn blanke bonken, bleat en njûr  
dêr waait de wyn foar ivich oer (2x)